

Fryske Krite Sékrite yn Lelystêd

It ien-deis bestjoer fersoarget op sneon 7 jannewaris 2012 yn "De Krakeling" yn Atol-Plaza, Schor 15, yn Lelystêd in gesellige middei mei:

Hinky Bangma

Hinky Bangma fytste yn ien jier in rûntsje troch Amearika. Se foel op, want se fytste op in âlde rykrakfytts én op Fryske klompen. De reis is al mear as 20 jier ferlyn makke, mar noch altyd fertelt se mei in soad fleur en faasje oer har aventoeren. Se fertelt oer har fytstocht op klompen troch Amearika en Kanada: 9000 kilometer en mar ien kear in lekke bân! Faak komt se ek op klompen en fertelt se prachtich oer de ûnderfiningen fan har reis. Se fertelt hoe se it foar elkoar krige om by wyldfrjemde minsken te oernachtsjen. Mar betieden slepte se ek wol bûtendoar op in pikniktafel as ûnder in ôfdakje. Mar gjin ien kear yn hotels of sa, der hie se de sinten net foar. Ek moaie ferhalen oer in enoarme kudde bizons dy't har sawat ferplettere hie en in feint der se mei yn in hotel sliepe mocht, mar dy wol wat fierder woe as allinnich sliepen. De opbringst fan al har ferteljûnen giet faaks nei earme bern dy yn tehuzen yn Roemenië sitte. Alles wat se by har hat, is in âlde kaart en wat foto's. Neffens ús liket dit in moaie middei te wurden!



Dizze middei begjint om 15.00 oere. Seal iepen fanôf 14.15 oere.

Jimme sil der grif gjin spyt fan krije!
By het ynkommen krije jim kofje as tee mei in stikje oranjekoeke.
Dêromhinne sil ús sjongkoar wer moaie ferskes sjonge. Boppedat binne der yn it skoft lotten te keap. Wy hawwe wer moaie pryskes.
Fansels is de boeketafel der ek wer mei healsliten boeken.

Nei ôfrin kinne jimme in **jefte jaan foar in bernetehûs** yn Roemenië
Foar ferfier, skilje mei ien fan de iendeis-bestjoersleden:

Lelystêd: Ebele v.d. Veen - 0320 228348

Sjoerdsje Bijkerk - 06 23646442

Ek dit jier helje wij wer bakkersguod út Snits.

Wolle jo dat se ek foar jo meinimme, skilje dan foar âldjiersdei 06 23646442



BÊSTE KRITE FREONEN

Hjir is al wer it folgjende Krite krantsje. Wy ha it der mar drok mei, want se folge inoar nochal rap op. Lokkich ha wy mei de organisaasje fan de nijjiersbesite minder drokte as mei de oare jûnen. Ik bin bliid dat wy in kommisje ha dy't dit foar ús regelet. Yn dit krantsje kinne jimme in ferslach fan ús skriuwer lêze, wat wy op 'e ledegearkomste sa al besletten hawwe. It wie in goede en gesellige gearkomste, mei in nijsgjirrich ferhaal fan Jan Bijkerk. Op sneon 12 novimber binne wy mei fjouwer minsken fan it bestjoer nei de Krite yn Hoarn west, om harren te lokwinskjen mei it feit dat de Krite "Troch de Tael Forboun" 100 jier lyn oprjochte waard. Wy moatte fansels posityf bliuwe, mar ik tink net dat wy dat belibje mei ús Krite. Hawar 40 jier ha wy al wer helle en dat wie wat my oanbelanget in tige slagge jûn.

Wat wie de tafels moai oanklaaid en gesellich makke. Afke, Douwe en Henny jitris betanke hjirfoar.

Froulju hawwe der dochs mear ferstân fan as manlju. Ik fier it dan wol út, mar sy jouwe de tips. Ek de behearers fan Atol-Plaza betanke. It is prima wurkjen mei minsken dy't entûsjast binne en oeral by helpe wolle. As der plak en tiid foar is, mear oer dizze jûn fierderop yn dit krantsje.

Op sneon 19 novimber binne wy mei 4 minsken fan ús Krite nei Nunspeet ta west, foar de útrikking fan it boek "Friezen yn 'e Frjemdte". It wie in tige gesellige middei, spitich dat de tiid wat krap wie.

It is in prachtich boek wurden en ik wol it bestjoer fan it Boun en de sneupers tige tank sizze foar al it wurk wat hja hjirfoar dien hawwe.

Dêrnei binne Afke en ik "yn de tsjokke mist" nei Bûtenpost west, om dêr de toanielploech te besjen. It wie in moai stik wat hja spilen en sy komme dan ek op sneon 11 febrewaris 2012 mei it stik "In sakelike relaasje" by ús yn Lelystêd.

Ik winskje jimme allegear noflikke Krystdagen en ik soe sizze mar oan't sneon 7 jannewaris 2012, dan hoopje ik in protte fan jimme in lokkich en foaral sûn nijjier winskje te kinnen.

Albert

CORNELIS JETSES, 1873-1955:

In betûft en begenedige skilder, yllustrator en tekener (en syn bannen mei Fryslân).

Cornelis Jetses, yllustrator fan in tal bekende lêsbokjes, brûkt op hast alle legere skoallen yn de earste helte fan de foarige ieu. Wat foar boekjes? No, bygelyks "Dicht bij huis", it lêsplankje "aap-noot-mies". En wa hat noch nea heard fan it berneboek "Afkes Tiental" of fan "Ot en Sien"?

Mar fan wa't de yllustraasjes wienen, witte lykwols net in soad minsken. Cornelis Jetses wie in beskieden man, dy't in protte tiid tekenjend troch brocht. Syn widze stie yn Grins, berne 23 juny 1873 en hikke en tein yn Grins. De wente fan syn âlden stie yn in gloppe. Heit wie eins sealmakker, mar wurke yn in nôtpakhûs. De húshâlding telde seis bern, dêrfan stoaren der trije. Cornelis wie it middelste bern. Se hienen in earmoedich bestean, lykwols libbe de húshâlding yn harmony en leafde en hy bewarre moaie oantinkens oan syn jeugd.

Yn skoalle tekene er al as bern in soad op syn laai. It wie klear dat Cornelis in protte tekenoanlis hie. Tolve jier âld wie er jûns al te finen by de tekenlessen op de Minerva Academie. Mar nei de legere skoalle woe er al rillegau jild fertsjinje om heit en mem finansjeel te helpen. Doe't er 13 jier âld wie, wurke hy by in stienprinterij en soe oplaad wurde as litograaf. Mar hy waard mear as boantsjelap brûkt.

By printerij Casparie yn Grins koe er him better ûntwikkelje en wurke hy as litograaf. Yn 1894 giet er nei Bremen, dêr't er by omke Louis en muoike Trientje wenne. Hy studearre yn it winterskofft oan de Bremer Keunstgewerbeskoalle en waard learling fan de ferneamde skilder Arthur Fitger út Horn. Hy assistearre Fitger mei it útfieren fan grutte muorreskilderijen. Cornelis learde in soad fan skilderkeunst, dichtkeunst, muzyk en drama. Hy moete Gustav Mahler en Johannes Brahms, mei wa't Fitger befreone wie. It skilderjen op in steger wie wol swier wurk, mar Cornelis kuiere jûns in hiel ein en roeide in protte op de Alster. Hy libben sûn en wie hielûnthâlder. Yn 'e

----- K O L O F O N -----

It bestjoer fan ús Krite sjocht er no sa út:

Foarsitter: Albert Postma, Karveel 20-03, Lelystêd, til. 0320-241491, e-mail: hapos@hetnet.nl

Waarnimmend foarsitter: Afke Wouda, Damrif 69, Lelystêd, til. 222294

Ponghâlder: Gerrit Kingma, Kreek 125, Lelystêd, til. 245342, e-mail: gj@kingmandet.nl

Skriuwer: Luut Dijk, Saerдам 143, 8242 JL Lelystêd, til. 0320-412444, e-mail: luit.dijk@inter.nl.net

Lies-Bloem-de Vries, De Zuid 19, 8251 BG, Dronten, til. 0321-313297

Syb(rig) Schat, De Mutsaet 56, 8252 KR Dronten, til. 0321-381340

Pytsje Kalsbeek, Groene Velden 178, 8211 BD Lelystêd, til. 0320-288405

koar:

Fetsje Meijer, til. 0320-226317, e-mail: fetsje.meijer@tele2.nl

De redaksje fan dit krantsje bestiet út:

Albert Postma en Henny Postma.

Opmaak boekje: Watze Watzema

De kopij foar it nije krantsje graach by Henny Postma, Karveel 20-03, 8231 BC Lelystêd.

simmer fan 1899 troude hy yn Grins mei Alberdina Hinderika Holkamp, nei't se sân jier oan inoar fersein wienen. Se wennen yn it earstoan yn Horn, Dútslân, dêr't harren dochterke Everdina berne waard.

Yntiid wie Jetses yn 'e kunde kommen mei útjouwer Wolters fan Grins. Dy frege him inkele skoallelêsbokjes te yllustrearjen, skreaun troch H. Scheepstra, in ûnderwizer út Drinte, ferbûn oan 'e Rykskweeksoalle yn Grins. Yn 1902 en 1903 ferskynden 4 lêsbokjes "Dicht bij huis" mei yllustraasjes fan Jetses. Hy makke de tekeningen dêrfoar yn Paterswolde. Yn dy snuorje makke hy ek de poëtyske yllustraasjes by it ferneamde berneboek "Afkes Tiental", skreaun troch de earste frou fan Pieter Jelles Troelstra ûnder de namme Nienke fan Hichtum.

Foar dizze opdracht útfanhûze Jetses by dûmny B. Boers yn Reduzum. Hy brocht Jetses yn 'e kunde mei de famylje Van der Woude. Dêr fûn Cornelis krekt de persoanen en de sfear, nedich fan dit wurk. De lêsbokjes, skreaun troch H. Scheepstra en bewûndere en stipe troch de bekende pedagooch út Den Haach, Jan Ligthart, allegear troch Jetses yllustrearre, waarden tige wurdearre en op alle skoallen mei nocht brûkt.

Om't yn Dútslân net sa folle wurk mear wie foar Jetses én Wolters regelmjittich wurk foar him hie, ferhuze Jetses-en-dy yn 1912 nei Nederlân. Yn Seist waard in filla boud oan de Bergweg 37. De sângrûn yn Seist wie better foar de súnens fan Jetses. Se wennen dêr mei nocht. De filla stiet der noch altyd.

Dêr wurke hy oan de lêsbokjes, makke ek de tekeningen by it lêsplankje *Aap-Noot-Mies*. Hy krige sels opdracht om foar Prinses Juliana in spesjaal lêsplankje te yllustrearjen. It wie wis in keninklik wurkstik!

In hiel skoft wie der gjin nij wurk mear fan Wolters, mar der kamen wol oare opdrachten út Den Haach. Op in stuit ferhuze Jetses mei de húshâlding dan ek nei Scheveningen. Hy makke yn de lêste jierren foar de twadde wrâldoarloch de yllustraasjes foar de bernebibel fan Anne de Vries. It wie in protte wurk en hy fertsjinne der net sa folle mei. Troch in royaltregelning lykwols, ek foar de yllustrator, kaam der neitiid dochs noch altiten jild yn. Letter krige Jetses noch nije opdrachten fan útjouwer J.H. Kok en syn soan J.A.G. Kok.

Yn 1939 is frou Jetses spitigernôch ferstoarn, nei't sy in swiere gryp skipe hie, dêr't sy net fan ferwûn. It wie in grut gemis foar Jetses en Everdina. Yn 1943 krige Jetses in twadde kear in opdracht fan Wolters út Fryslân: hy waard frege de yllustraasjes te meitsjen foar "Aldfaers Groun", in famyljeroman, skreaun troch J.P. Wiersma. Mei dochter Everdina gong er op in tandem nei Fryslân. Seis wiken teagen Jetses en dochter troch Fryslân. Se hienen in moaie tiid, want yn Fryslân wie folle mear te iten as yn de râne stêd. Doe't se werom wienen yn Hollân, waard harren in kiste mei gouden weetkerrels, in pear flessen oalje, skieppetsiis en hjouwerhout tastjoerd! Dochts wie de oarloch in drege tiid, ek foar Jetses. Kostbere tekeningen, ferburgen yn it gebou fan *Provinciale Waterstaat*, gongen yn maart 1945 teloar troch it bombardemint op it Bezuidenhout yn Den Haach.

Nei de oarloch yllustrearre hy de Yndyske útjefte fan Ot en Sien foar Wolters. Yn 1950 krige hy in lytse oerhaal en waard troch de bern fan Wolters meidiel dat Jetses net mear wurkje koe. Wolters betanke him tige en joech Jetses oan de ein fan syn libben alle jierren 4000 gûne. Jetses wie harren bysûnder tankber: hy hoegde net yn earmoed te libjen. Hy wurke noch wol fan en ta, mar meast lytse opdrachten. De lêste libbensjierren ferrûnen rêstich en nei in koart siikbêd is Cornelis Jetses fredich ferstoarn, de hannen gear, wylst syn skoansoan Gesang 49 út de Bibel foarlies en tegearre mei Evendina bea foar harren dierbere heit. Hy waard begroeven yn Wassenaar. Cornelis Jetses, in beskieden, hast hillige man, mei in grut hert en in net te leauwen bekwamens, hie syn stoflik kleed ôflein, mar syn alsidige geast bliuwt libben yn syn prachtige skilderijen en yllustraasjes.

Oernommen út: De Kritekoer, Utert/Seist, skreaun troch Frou Kyra Flem fan Seist.

KRITENIJS

- Koe foarige kear net mear yn it krantsje; Watze v.d. Werf, Horst 22-59, 8225 MB Lelystêd, hat ek in rare tiid meimeitsje moatten. Tidens in fikse gryp krige hy der noch longûnstekking by en rekke yn it sikehûs. Hy hat yn totaal 4 wiken yn it sikehûs tabrocht, wat him net mei foel. No noch wat better ite en wer wat opweidzje. Sterkte tawinske!
- Dan de minsken dy't yn it jier 2012 in bysûndere dei hawwe (by libben en wolwêzen) om't hja harren troudei in gouden rântsjie jaan wolle. Oan't en mei septimber komme yn dit krantsje, dêrnei komme der noch mear.
- Op 6 febrewaris 2012 binne Tsjalling en Margje de Boer, Rode Klif 98, 8223 CE Lelystêd, **65 jier** troud. Dit is net niks en der binne net folle pearen dy't hjir oan ta komme. Alfêst ús lokwinken.
- Fokke en Trijn Hamstra, Plantage 77, 8212 VE Lelystêd, hawwe op 14 maart 2012 harren **55ste** troudei. Wer bliuwt de tiid? Wy hoopje dat hja yn súnens dit fiere meie mei de bern en bernsbern.
- Ek Eabele en Tineke van der Veen, Delta 22, 8224 EM Lelystêd, fiere harren troudei en wol op de 25ste augustus 2012. Hja binne dan krekt **40 jier troud**. Ek harren winskje wy in moaie troudei ta.
- 6 Septimber 2012: Henk en Wipkje Lautenbach, Rode Klif 168, 8223 CJ Lelystêd, hja binne op dy dei **55 jier** troud. Ek foar harren jildt in moaie dei tawinske!.

- Douwe en Klaske Gaastra, Karveel 58-55, 8242 WE Lelystêd, fiere ek al wer harren **45ste** troudei. Ek har winskje wy tegearre noch in protte sûne jierren ta en meitsje der mar in feestje fan.
- Der binne froulju dy't fan âlde Kryst- en nijjierskaarten wer nije meitsje (kin ek hiel goed, ik doch it sels ek). No soe Elsbeth Feenstra út Dronten graach ek wat kaarten hawwe wolle. Mochten jo der neat mei dwaan en dochs fuort goaie, meitsje Elsbeth der bliid mei. Doch se yn in pûdsje en nim se ris mei nei ien fan ús jûnen.

Henny

FERSLACH JIERGEARKOMSTE 20 OKTOBER 2010

Oanwêzich : 17 leden, wêrfan 6 fan it bestjoer

1. Iepening

Albert Postma iepent de gearkomste om 20.10 oere mei in elts wolkom te hjitten.

2. Meidielings en ynkommen stikken

Yn it ôfrûne jier binne der twa leden fan ús krite ferstoarn, dhr. Atsma en dhr. van Dussen. De foarsitter freget der in momint oandacht foar.

Der binne no noch sa'n 130 leden.

Yn novimber bestiet de Krite 40 jier. Krite Hoorn bestiet op 12 novimber 100 jier, mar der binne noch in pear Kritten dy't noch âlder binne.

De krite Amersfoort en Bussum hawwe gjin bestjoer mear en binne opdûkt.

Riens Gratama wurdt 80 jier en komt op 3 maart in Swol mei in nij stik.

Jan en Sjoerdsje Bijkerk wiene 19 oktober 40 jier troude.

Ynkommen stikken:

Pier en Pytsje Kalsbeek, Fetsje Meijer binne behindere en kinne jûn net komme

3. Ferlach jiergearkomste 11 oktober 2010

Dit wurdt goedkard.

4. Jieroersjoch Sé-krite

It programma hat goed foldien. Moasten wol wat wenne oan de nije lokaasje. De Atol-Plaza hat in moai grut toaniel.

Dit wurdt goedkard en de skriuwer betanke foar syn wurk.

5. Ferlach fan de ponghâlder

Ferkeap boeken binne healsliten boeken en nije boeken.

Der binne fierder gjin fragen oer de sinteraasje.

De krite is ek wer yntard (sa'n € 1.000,=).

De balâns en begrutting 2010-2011 wurde goedkard.

6. Ferlach fan it sjongkoar

Dit wurdt goedkard, mei tank oan Fetsje Meijer.

Fan it sjongkoar is gjin ferlach fan de sinteraasje.

7. Kaskontrôle.

Jan Bijkerk hat de boeken kontrolearre. Pier Kalsbeek wie behindere.

Dizze binne yn oarder befûn.

De gearkomste ferlient de ponghâlder desjarzje en hy wurdt betanke foar syn wurk, lykas Jan fan de kaskommisje.

8. Beneamen fan nije rekkenopnimmers

Jan Bijkerk is twa jier rekkenopnimmer west en is ôfgeand.

Curbe Veenstra is it nije jier de rekkenopnimmer tegearre mei Pier Kalsbeek

Reserve is frou van Rijssel-Kamstra.

9. Begrutting 2011/2012

De stipe fan ús leden is € 12,00 yn it jier.

It Anjerfonds jout stipe oan kultuer. As de krite rint foar it Anjerfonds is 1/3 part foar de krite.

Yn de begrutting stiet in tekoart fan € 1.300.

It bestjoer hat neitocht oer besunigingen.

- Ien fan de besunigingen is it net mear oer de post ferstjoere fan ús Kriteblêd nei oare Kritten. It kriteblêd is te lêzen op it webstek fan it F.B.o.U. Besuniging sa. € 106,00 yn it jier.

- It sjongkoar kriget al jieren € 160,00 stipe fan de krite. It koar hat sa njonkenlytsen like folle jild op de bank stean as de krite. It krasse fan dizze stipe jout in besuniging fan € 160,00.

- Yntreejild freegje op de kritejûn fan € 2,50. Dit smyt mei 3 jûnen mei sa'n 70 minsken sa'n € 500 op.

As wy dit dogge dan is it tekoart gjin € 1.300 mar sa'n € 500.

De gearkomste is akkoard mei de besunigingen.

Wol moat it sjongkoar op de hichte brocht wurde fan de besuniging.

Der binne fierder gjin fragen oer de begrutting.

De begrutting is akkoard.

10. Bestjoersferkiezing

Mefr. Lies Bloem en Mefr. Pietsje Kalsbeek binne ôfgeand en opnij te kiezen.

Der binne gjin oare kandidaten.

Lies Bloem en Pietsje Kalsbeek binne wer foar 3 jier keazen.

11. Programma foar it kommende winterskoft

26 novimber 2011 – kritejûn (stamppot-buffet en in optreden fan Sânman en Sikke

7 jannewaris 2012 – nijjiersbesite mei eigen koar en in sprekster

11 febrewaris 2012 – kritejûn toaniel mei : Bûtenpost.

24 maart 2012 – kritejûn (toaniel mei)

12. Omfraach

Sjoerdsje Bijkerk. Pier en Pytsje Kalsbeek geane út de nijjierskommisje. Ebele van der Veen is frege. Fan it besjoer fan de krite komt Lies Bloem yn de nijjierskommisje.

Wyske Fransen Is bliid dat dizze gearkomste op tongersdei is.

Gerrit Kingma Der binne noch net folle opjeften foar it iten. Idee, in aparte "flyer" oer de jûn nei de leden stjoere.

Der binne fierder gjin fragen.

13. Sluting fergadering

Om 21.00 oere slút de foarsitter de gearkomste.

Dêrnei hat Jan Bijkerk ús wat ferteld en sjen litten, oer syn tige nijsgjirrich wurk by de oanlis fan de Noord-Zuidlijn yn Amsterdam.

Luit Dijk, skriuwer.

FEEST YN NUNSPEET

Op 19 novimber 2011 wie de feestlike útrikking fan it boek 'Friezen yn'e frjemdte' yn in tsjerke yn Nunspeet. Elts dy't woe koe dêr hinne (sjoch it krantsje fan novimber). Albert, Afke en Pietsje kinne al in protte bestjoersleden fan oare kriteren en ek ik tref by sokke gelegenheden ek in soad bekenden. It offisjele diel fan dizze gesellige gearkomste rûn nochal wat út de hân, sadat wy it lêste part net mei krigen hawwe.

Dizze selde jûn soenen Albert en Afke nammentlik ek noch in toanielstik besjen yn Bûtenpost.

De foarsitter fan it Frysk Boun om Utens kin omraak moaie ferskes meitsje en wy moasten fansels ek mei-inoar sjonge. Trouwens by dizze gearkomste joech it koar fan Swol twa kear in prachtich optreden. In jonge diriginte dy't it folkje op it toaniel aardich liede koe en der tige fleurich foar stie. In oanwinst sa'n liedster; dêr mei it koar fan Swol wiis mei wêze!!!

It ferske fan Hâns Dijk wol ik hjir noch graach efkes foar jimme opskriuwe.

Henny

Hjir yn Nynspeet sil it heve
't Fryske boek stiet hjoed sintraal
't Giet oer 'Friezen yn'e Frjemdte'
Heitelân en memmetaal.

Jierren ha wy't boek ferwachte
Einliks kaam it dochs ta stân
En no fier'we mei syn allen
Memmetaal en heitelân.

Ja, út earmoed en wurkleazens
Moasten Friezen oan'e haal
Brea foar frou en bern wie nedich
Heitelân en memmetaal.

't Giet oer Friezen, fier om Utens
Assen, Swol en Heagesân
Winnipeg, Jarvis en Kingston
Memmetaal en heitelân.

Wolkom minsken, allegearre
It is wier in sterk ferhaal
Oeral waarden kriteren stichte;
Heitelân en memmetaal.

Faaks ûnwennich en mismloedich
minne tiden ha sa hân.
Soms de triennen yn'e eagen
Memmetaal en heitelân.

Bliid dat jimme hjir hjoed binne
It is feest yn dit ûnthaal
Ja, wy tinke' oan al dy kriteren
Heitelân en memmetaal.

Ja, de skiednis is nijsgjirrich
It giet boppe ús ferstân
It Fryske Boun en al dy kriteren
Memmetaal en heitelân.

Wylts de Euro-krisis taslacht
Traapje wy op de pedaal.
Hjir yn Nunspeet wurdt der songen
Heitelân en memmetaal.

GEARKOMSTE FAN FRIEZEN OP SKYLGE.

Op freedtemoarn, 14 oktober 2011, setten 17 leden fan de Fryske Krite ôf rjochting noarden. It soe wer in moaie, sinnige dei wurde en woltemoed riden de leden rjochting Harns. In stikmannich optimisten rieden mei de auto nei Frjentsjer en fytsten fierder nei de haven fan Harns.

Fanwegens de hjerstfakânsje wie it tige drok, mar elkenien kaam gelokkich dochs oan board. Guon sieten op dek yn it sintsje te genietsjen en koenen de sinne yn it wetter skinen sjen. Doe't wy op Skylge oankamen stienen der bussen en nei't we ús bagaazje út de karkes helle hienen, stapten we yn de grutte bus en rieden hast it hiele eilân oer nei it doarpke Hoorn. Rinnend en sjouwend gong it nei de Folkshegeskoalle.

Klaske Jaspers, direkteur, ûntfong ús hertlik. Dêr blik noch in groep, MBO teaterstudinten, it wykein troch te bringen. Nei it wolkomstdiner sieten we smûk yn it Roefke en brocht dhr. Betze Stienstra, âltdirekteur fan de Folkshegeskoalle, ús wiidweidich op 'e hichte fan alderlei nijsgjirrige saken fan it eilân Skylge.

Sneontemoarn nei it moarnsbrochje makken wy mei dhr. Stienstra in bosk-/strânkuier. Boukje Andringa, opbetterjend fan in operaasje, gong mei in swier rinnend kritelid te fytsen by de kust lâns. Om healwei tolven moeten wy elkoar wer by it strânrestaurant mei hearlike kofje en 'cranberry'-gebak.

Middeis wie elkenien frij en in soad minsken hierden in fyts om wat mear fan it eilân te sjen. De jûns wie der

talintejacht ! Wy hawwe songen, gedichten waarden foardroegen en we sieten lekker mei in gleske by de iepen hurd, harkjend nei de ferhalen. Op fersyk hawwe wy noch nei dielen fan de dvd sjoen dy't heart by it boek 'Friezen yn 'e frjemdte'.



Sneintemoarn krigen wy fan Klaske in rûnlieding oer it terrein en de gebouwen. Der is wol plak foar sa'n hûndert gasten. Nei it breamiel koenen we noch hearlik in skoftke fan it sintsje genietsje en ús dêrnei reemeitsje foar de weromreis. Der wie noch de mooglikheid foar in pear oerkes yn West-Terschelling en om healwei seizen gong de boat. Oan board hienen wy diner. Al itend en pratend foeren wy nei it fêstelân. Elkenien gong nei it ôffûstkjen syn/har wegen en sil yn it tsjuster grif it paad nei hûs fûn hawwe. It wie in prachtich moai en boskich wykein.

Martien H. Amersfoort, Bunnik
oerset troch Ida Knobbe

FERSLACH OP RYM FAN DE FEESTJÛN 40-JIERRICH BESTEAN FAN ÚS KRITE YN ATOL-PLAZA.
Oanwêzich: sa'n lytse tachtich minsken.

By it ynkommen, om fiif oere middeis, fan de seal,
wienen de tafels wier net keal.
It oansjen fan de seal wie o sa skoan,
Mei kaartsjes en blomkes foel it wier net út de toan.
Nei't "De Krakeling" ek iepen wie nei in lyts misferstân,
Stie elts nei it ynleverjen fan in bon, mei in drankje yn de hân.
"Sânman en Sikke" moasten efkes de apparatuer ôfstelle,
Dêrmei hienen sy ús al yn ús herten helle.
Wat moai en suver kaam dat op ús oer,
Wy rekken no al fol fjoer.
By de iepening, troch Albert Postma dien,
Waarden der al betankjes útdield oan dyjingen die meiwurke hien.
Foar frou Schiere yn it bysûnder wolkom op dizze dei,
Har man wurke yn it ferline as foarsitter oan ús krite mei.
It Frysk folksliet waard nei trije tellen foarôf troch de seal út folle boarst songen,
Dêrmei wie de offisjele iepening fan dizze dei begongen.
Nei efkes stil te wêzen foar it miel,
Wienen de stampotten fan soerkoal, boerekoal en hutspot ús diel.
Dat allegear mei woarst, sjú en in gehakbal,
Der wie fan alles mear as genôch en it smakke hielendal.
"Sânman en Sikke" wie no oan bar mei harren sang,
Sy soenen ús net ferfele, derfoar wienen wy by de earste toanen al net bang.
Mei oersettingen fan u.o. Geert Baarda en Aggie van der Meer,
brochten sy de ferskes sa no en dan sa tear,



De muzyk, meastentiids bewurke troch Sybren Kramer, kaam hiel goed út,
En mei de akkordeon, gitaar en al sa mear, kinne sy och sa goed foarút.
Bekende wizen fan de Mills Brothers ensfh. kamen oan ús foarby dizze jûn,

Mar ek oan “Kneppelfreed” wie muzyk en tekst ferbûn.
 Nei it earste diel wie der in neigesetsje mei iis en kersesop,
 It smakke tige by tige, flagge yn top.
 Yn it skoft wienen der lotten yn slúfkes te keap,
 Nei ôfrin in protte papier op in heap.
 De lêste lotten moasten hja foar in lytser pryske kwyt,
 Dêrfan hienen de priiswinners grif gjin spyt.
 Diel twa fan “Sânman en Sikke” wie oan bar,
 Dat die sa no en dan oan ús bernejierren tinken, dus in
 goeie kar.
 Sa as de Beatles, Elvis Prestley en sa mear,
 Ek wie der in ferske fan Acda en de Munnik oerset troch
 Aggie van der Meer.
 Ús boufakker wie ek in pracht ferskinning op it toaniel,
 Hy krige mei syn tekst de seal plat yn syn gehiel.



En as jo it noch net wisten op dizze jûn:
 “Op snein troch de rein nei de klaai,
 Dat is wat ik saai.
 Mar wy as Friezen, hoe dan ek, wy bliuwe mei elkoar ferbûn.”

En al binne der ek eamelsekken.
 Die hawwe wy gau yn ‘e rekken.

Ús waard dochs op ‘e ein noch út de doeken dien,
 Hoe it mystearje fan “Sânman en Sikke” is fergien.
 Sân mannen en in manager foar de professionalisjearing efter de hân,
 Dat makket dizze groep ta in tige hechte, muzikale bân.
 Nei de kommersjele ôfwikking foar harren ferkeap fan de nije CD,
 Wie ferline wike by Bergsma yn Easterein de oanbieding yn it kafee.
 Wolle jo harren noch ris te sjen ha,
 Gean dan twadde Krystdei nei de Koepeltsjerke yn Wytmarsum ta.
 Nei “When was Jesus born” fan it Deep River Quartet, as beslút,
 Gie dizze bjusterbaarlike foarstelling mei in reade wiete roas fan de foarsitter út.
 Nei’t hy de koks yn it bysûnder yn it sintsje setten hie,
 Wie it dat eltsenien nei “Wol thús en oant sjen” om tsien oere mei in foldien gefoel nei hús ta gie.



Ik wol ek út namme fan alle leden fan ús krite eltsenien tank sizze foar harren ynset.
 Jimme hawwe allegearre in protte wurk ferset.
 De felisitaasjes nei ús bestjoer ta binne hjir ek wol op syn plak,
 Wy helje de fyftich jier dochs sa wol op ús gemak!?

De foto’s fan de feestjûn binne op de webside te besjen mei dizze link:
http://www.fryskbutenfryslan.nl/kriten_nijs/Ielystad/40_jierrich_bestean_krite/index.html

Sânman & Sikke hat yn de ôfrûne jierren stadichoan in eigen plak ferovere yn it Fryske muzyklibben. Sûnt it ûntstean yn septimber 1994 wurkje sy oan in fariaasje fan stilen, dy’t byinoar in unyk repertoire foarmje. De besetting fan Sânman & Sikke bestiet út: Tom Nijdam, Egbert Krikken, Peter Haantjes, Siebren Kramer, Tsjamme Overall, Bareld Bijma en Klaas de Vries.
 Op harren webside kinne jim mear lêze oer dizze mannen: <http://www.sanmanensikke.nl/FR/Thus/Thus.html>

Sjoerdsje Bijkerk-Anema